



Oan: Provinsjale Steaten fan Fryslân
Twibaksmerk 52
8900 HM LJOUWERT

Ûnderwerp: *Fryslân as kultuerregio*

Drachten, 6 desimber 2017

Achte Steateleden,

Jimme hawwe grif fernommen dat de *Raad voor Cultuur* de wize wêrop't de keunst en kultuer troch it Ryk stipe wurdt, op 'en nij besjen wol.¹ It komt derop del dat it kultuerjild oars ferdield wurde moat en wol op in mear *regionale* skaal. It advysorgaan foar it regear wol yn de takomst mear erkenning en finansiering foar it kulturele oanbod yn de regio. Dêrom advisearret de *Raad voor Cultuur* (RvC) dat der ek in saneamde 'Regionale culturele infrastructuur' (RIS) komme moat. It belied soe no te sterk *nasjonaal* (lês: op de *Rânestêd*) oriïntearre wêze en rjochte op yndividuele ynstellings. Neffens de RvC soenen der kulturele stedsregio's komme moatte dy't rekken hâlde mei de gearstalling en it ferlet fan de befolking én mei de identiteit en mei ferhalen út de regio. Neffens de FFU is it dêrom in geweldige kans om no in Fryske kultuerregio te foarmjen en it Ryk in 'bidbook' ta te stjoeren mei de winsken dy't op it kulturele mêd yn Fryslân libje.

In ekstra reden om te stribjen nei in Fryske kultuerregio is dat oare provinsjes en regio's lykas Seelân, Súd-Limboarch, de krite om Swol hinne, Brabân en Twinte harren ek profilearje wolle as in stedske kultuerregio en yn oanmerking komme wolle foar subysdzje. Dan kin Fryslân út soarte ek net efterbliuwe! It mei net sa wêze dat Fryslân as in 'oanhingsel' fungearret fan in noardlik kultuerbelied dat benammen fan de stêd Grins útgiet en dat yn dy stêd de ynstellings konsintrearre wurde. Soks soe ek yn striid wêze mei it útgongspunt dat oansluting socht wurde moat by de eigen identiteit. Der is ommers gjin sprake fan in 'noardlike', wól fan in *Fryske* en *Frysktalige* identiteit. As de grutte plakken/stêden fan Fryslân gearwurkje (tink oan Ljouwert, Drachten, It Hearrenfean, Snits, Dokkum en Frjentsjer), dan kin der grif in goed 'bidbook' ta stân komme. Wy wolle ek wize op in inisjatyfútstel fan jimme Steaten (d.d. 13-12-2006) dat Fryslân sels oer syn eigen taal en kultuer gean moat. Dat inisjatyf is doe troch sawat alle partijen ûnderskreaun.

Op it stuit sit de provinsje Fryslân yn in proses mei in nije oriïntaasje (de saneamde 'Herijking') op de kulturele ynfrastuktuer. Der komme kritearia op grûn wêrfan't guon ynstellings mear en oare ynstellings wer minder jild krije kinne. Dat alles by in gelykbliuwend budzjet. By in desintralisaasje fan kultuerjild nei de regio's, lykas no bepleite wurdt troch de *Raad voor Cultuur*, ûntsteane der lykwols krekt mooglikheden om mear jild foar de Fryske kultuer te krijen. Mar dan moat Fryslân

¹ <https://www.cultuur.nl/adviezen/sectoroverstijgend/raad-voor-cultuur-pleit-voor-regionale-culturele-infrastructuur/item3821>

fansels al mei goede plannen komme! Minsken yn de kultuersektor fan Fryslân, private partijen, mar ek de gemeenten en de provinsje Fryslân moatte neffens ús no de krêften bondelje. Dêrom roppe wy jimme as Steateleden – mar ek alle oaren dy't dêrby behelle binne – op om te pleitsjen foar *Fryslân* as ien fan de kultuerregio's dy't der komme moat, om dêr in goed plan foar te meitsjen en dêr in effektive lobby foar te fieren. Soks kin ek tige fan belang wêze foar it Fryske en Frysktalige kultuerûnderwiis. Wy hawwe begrepen dat al foar febrewaris 2017 de ideeën ('bidbooks') tastjoerd wêze moatte. Alle reden om dy útdaging mei gauwens oan te gean!

Wy tidigje op jimme meiwurking en bliuwe graach op de hichte.

Mei rju achtinge,

drs. T. Dykstra (foars. FFU)

drs. S.T. Hiemstra (skriuwer FFU)